

## Programma foar de 52<sup>ste</sup> Ynterfryske Boeremoeting

fan 8 oant 11 febrewaris 2012

yn (en by) Sealterlân/Saterland (Kreis Cloppenburg)

Sealterlân is in gemeente fan 13000 ynwenners en 124 kante km, op sa'n 27 km efter Lear/Leer.

De namme fan de gemeente yn it Sealtersk is **Sealterlound**.

Sealterlân is yn trije opsichten in nijsgjirrige enklave. It is in 15 km lange sânrech tusken (eardere) feanmoerassen. Men koe der oant de 19e ieu allinnich mei in skip komme. Sûnt 1648 (frede fan Münster) binne de minsken dêr (wer) roomsk-katolyk, oant nei wrâldkriich II der protestantske flechtlingen kamen te wenjen. En op dit isolearre "eilân" is it Frysk bewarre bleaun. It is wol feroare (Sealterfrysk) mar it wurdt noch praten troch 1000-2500 ynwenners. Troch politike ûntjouwingen heart Sealterlân net by Eastfryslân mar sûnt 1803 by Oldenburg (dêr foar, fan 1648 ôf, by it bisdom Münster).

Woansdei 8 febrewaris 2012	17:00 oere	Oankomst fan de dielnimmers yn it riedhûs fan Sealterlân, Hauptstrasse 507, 26683 Ramsloh (Saterland). Tel. +49 44989400, <a href="http://www.saterland.de">www.saterland.de</a> Untfangst troch boargemaster Hubert Frye.
	17:30 oere	Ferdieling gasten oer gastfamylyjes
Tongersdei 9 febrewaris 2012	10:00 oere	Besite oan it lânboubedriuw Der Engelnhof, Lerchenweg 12, 26871 Papenburg. Tel. +49 49617984, <a href="http://www.engelnhof.de">www.engelnhof.de</a> . It is in melkfeebedriuw dat streekrjocht ferkeapet oan skoallen, bedriuwen en partikulieren. Middeisiten
	14:30 oere	Besite oan de Gartenbauzentrale e.G., Schulze-Delitzsch-Strasse 10, 26871 Papenburg. Tel. +49 49618010, <a href="http://www.gbz-papenburg.de">www.gbz-papenburg.de</a> . Mei in taljochting troch de bedriuwslider, de hear Karl Voges. It is in super grutte gruthannel en kwekerij: tûnkrûden, komkommers, pot- en perkplanten, beammeguod en kwekersartikels. Dêrnjonken bouwe hja ek komplette kassystemen.
Freed 10 febrewaris 2012	10:00 oere	Besite oan Torfwerk Brinkmann GmbH & Co KG (ûnderdiel fan Griendtsveen AG), Hauptstrasse 343, 26683 Scharrel (Saterland, der binne mear Scharrel's, brûk de postkoade yn de navi!). Tel. +49 449292580, <a href="http://www.griendtsveen.de">www.griendtsveen.de</a> . Griendtsveen is in liedende leveransier fan turf en liem. It is yn 1853 troch Jan van de Griendt yn De Peel (NL) oprjochte. Sjoch it webstek, ûnder Geschichte. Tige nijsgjirrich! Middeisiten
	14:30 oere	Besjen fan de Wasseracht, Huntstrasse 16, 26169 Friesoythe. Tel. +49 449199810, <a href="http://www.friesoyten-wasseracht.de">www.friesoyten-wasseracht.de</a> .It is in wetterskip, mei 76000 ha en mei as leden de 28400 grûneigners.
	20:00 oere	Slotjûn in Landgasthof Dockemeyer, Hauptstrasse 433, 26683 Ramsloh (Saterland! Der binne mear Ramsloh'en!). Tel. +49 449892550, <a href="http://www.landgasthof-dockemeyer.de">www.landgasthof-dockemeyer.de</a> .
Sneon 11 febrewaris 2012	11:00 oere	Ofreizgjen